

## Kerkverhaal 18

### De foarlêzer fersinde him

Tsjintwurdich komt de lektor, dy't de lêzings út de Bibel docht, wer nei foaren.

Earder wie soks gewoan. Ik kin my noch yn myn ûnthâld krije dat der yn Raard by Dokkum noch in foarlêzer wie.

It wie in apart man. Sape Hiemstra wie boer op de Noard Kleffens. Hy hie in hiel grut burd. Hy waard ek wolris Sinteklaas neamd.

Hy kaam twa kear foar it buordsje. De earste kear moast Hiemstra de tsien geboaden foarlêze. Hy begûn dan sa: "En Moases seide..."

De twadde kear moast er it stik lêze wêr't dûmny oer preekje soe.

Hiemstra waard der âlder op. Doe gie it mis. Der waarden twa bledsiden tagelyk

omslein. Hiemstra lies rêstich troch. Oant hy murk, dat hy it spoar bjuster wie. Doe sei er: 'Ferrek'. Hy gie wer mei de goede tekst fierder.

De tsjerkeried wie hjir net sa lokkich mei. Der waard besletten dat de foarlêzer eins net mear fan de tiid wie. Sape Hiemstra krige dien.

Abe Westra